



## **Ferslach ledegearkomste Werkgroep Martime Skiednis (Tresoar 23 april 2016)**

### **Iepening / nije leden**

Twa nije leden stellen harren foar: Bauke Jansen komt út Boalsert en is yn it daagliks libben rjochter yn Ljouwert. Hy is bestjoerslid fan de Hendrick Nannes en Catrijn Epesstichting oftewol it earmehus yn Boalsert. Syn belangstelling foar maritime skiednis komt mei troch it feit dat in fiere foarfaar (Bauke Jaansen) heaskipper wie fan Fryslân op Amsterdam.

Hans van der Pelt komt út Burdaard en hat u.o. in sylskoalle hân. Syn maritime belangstelling komt fierder út it feit dat hy is opgroeid ûnder de smook fan de skipswerf Feyenoord by Schiedam.

### **Symposium 2016**

It symposium yn Hylpen wie in sukses. Wêr wy earst rekkening holden mei in maksimale opkomst fan likernôch 100 minsken wiene der ta beslút 153.

### **Enkête**

Jelle Jan hat de earste resultaten fan de enkête analysearre. De measte leden binne tefreden oer de hjoeddeistige opset fan de byienkomsten. In lytse mearderheid fan de leden jour de foarkar de byienkomsten op freedtemiddei te organisearjen. Tidens de gearkomste blykt dat soad wurkjende leden in foarkar hawwe foar in oar tiidstip. Faaks is it in idee om ris in gearkomste op in troch de wikse jûn te organisearjen. Neamde suggestjes binne om op bepaalde ûnderwerpen wurkgroepen te foarmjen, in ekskurzje te organisearjen, oandacht te besteegjen oan de njoggentjinde ieuske sylfeart en in list fan nijsgjirrige boeken by te hâlden. Nei oanlieding hjirfan wurdt besletten de folgjende gearkomste oan de njoggentjinde ieuske sylfeart te wijje. De hear Goslings is ree wat te fertellen oer de rederij fan syn famylje yn Dokkum.

### **Symposium 2017**

Dit jier wurdt op Flylân en Skylge it rampjier 1666 betocht. Rob hat kontakt opnommen mei de organisatoren fan dit evenemint en sa is it idee ûntstean om us symposium fan 2017 oan dit ûnderwerp te wijje. Dit soe plakfine kinne yn Harns of op ien fan de eilannen. Fanút Flylân binne Anne Doedens en Jan Houter ree hjir in bydrage oan te leverje. Fanút de werkgroep joue Peter Tolsma, Nykle Dijkstra, Jan de Vries en Jelle Jan Koopmans oan hjir wol op in of oare manier mei wurkje te wollen. Nykle Dijkstra sil fanút de leden it foartou lûke.

### **Frysk Martiem Platform / Kulturele haadstêd 2018**

Underwilens is fanút ús werkgroep it Frysk Maritym Platform oprjochte. In hiel oantal Fryske maritime musea en ynstellingen is ree fûn hjiryn diel te nimmen. It doel fan it Frysk Maritym platform is om ynformaasje út te wikseljen en op elkoar ôf te stimmen en eventueel gear te wurkje oan 'gruttere eveneminten'. Rob hat ek kontakt opnommen mei Kees Hendriks fan it gearwurkingsferbân fan musea om de Sudersee en ek dizze is entûsjast en wol eventueel wol gearwurkje. De Fryske Akademy hat oanjûn dat der foar de KH2018 ferlet is oan eveneminten yn plak fan symposia. Dit is fanút dit platform entûsjast oppakt en sadwaande is it idee ûntstean om in

lytsskalige histoaryske sail te organisearjen. Dêrfoar is kontakt opnommen mei de LVBHB. Sy binne ree hjiroan mei te wurkje. De Fryske Akademy hat no lykwols oanjûn as wittenskiplik ynstitút net de ferantwurdlikheid oer dizze aktiviteit te wolle / kinne dragen. Warskynlik wurdt der noch wol in soksoarte aktiviteit organisearre mar net troch ús wurkgroep of de Fryske Akademy. Peter Tolsma wol hjir wol oan meiwurkje. Fanút de wurkgroep sil der yn 2018 in symposium organisearre wurde oer de tradisjonele fiskerij op de Sudersee en de Waadsee. Fierder organisearjen de ferskillende wurkgroepen en werkferbannen fan de Fryske Akademy yn 2018 in fytstocht om de Middellzee. Elke wurkgroep sil hjir in lytse bydrage oan leverje.

### **Museum Hylpen**

Lykas jo allegear witte hat it museum Hylpen de help fan de wurkgroep ynroppen om in nije tentoanstelling yn it museum oer de Seefeart fan Hylpen foarm te jaan. Hjir is ûnderwilens ferskillende kearen oerlis oer west. De wurkgroep is graach ree har ekspertise mei it museum te dielen, wy wachtsje no de fierdere fragen / plannen fan it museum ôf.

### **Publikaasjes**

Us wurkgroep hat dit jier twa publikaasjes. Yn de Fryslân stean de artikels fan de sprekkers op it symposium. Yn het Beaken stean twa artikels fan sprekkers fan it symposium oer de Hanze en twa artikels fan sprekkers op it symposium yn Harns.

### **Wittenskiplik diel / hout nei stielbou**

Yn it wittenskiplik diel ferteld Jelmer Kupers oer de oergong fan hout nei stielbou op de Fryske Skutsjewerven. It wie de firma Barkmeijer (oarspronklik ôfkomstich út it Grinzer Brittil) dy op har werf yn Snits in 1889 it earste izeren skip yn Fryslân bouden. Dit skip wie boud foar de beurtskipper Jacob de Jong fan Koudum. Yn it topjier 1905 waarden op de werf yn Snits 24 nije skippen boud wêrfan 15 skûtsjes. In oare wichtige werf yn Fryslân wie dy fan de bruorren Roorda oan de pipe yn Drachten. Op dizze werf fan Roorda binne tusken 1906 en 1925 42 izeren skippen boud wêrfan 26 skûtsjes. In soad skûtsjes fan Roorda binne noch hieltyd aktyf yn de wedstrydfeart. Oare wichtige izeren skutjewerven yn Fryslân wiene: van der Werff (Burgum, Drachten, Starum, Ljouwert, Wergea) van der Werf (Kootstertille, Britswerd), Bos yn Ychtenbrege, Zwolsman yn Makkum, Croles yn Drylts, Draaisma yn Frjentsjer, de Jong yn Heech en van van der Zee yn e Jouwer. Troch de grutte produksje fan izeren skûtsjes, sa waarden yn 1915 op 30 izerwerven 105 izeren skutjes produsearre, waard it houten skûtsje hieltyd minder brûkt. Wol blykt dat op de izerwerven de âlde houtmatten noch in soad brûkt waarden en guon werven bleaun njonken izeren skûtsjes ek houten skutjes produsearjen. Yn de jierren 20 en 30 naam de bou fan de izeren skûtsjes flot ôf troch de opkomst fan it motorisearre frachtferfier.

Fanwege tiidkrapte is de lêzing fan Nykle Dijkstra utsteld oant de folgjende gearkomste.

Al mei al in nijsgjirrige en gesellige gearkomste.